

**Zaaknummer: Z233698-2021**

Antwoord van burgemeester en wethouders op schriftelijke vragen als bedoeld in artikel 41, eerste lid, van het Reglement van Orde voor de vergaderingen van de raad der gemeente Leeuwarden, ingediend op 15 maart 2021. De vragen zijn afkomstig van FNP en gaan over het mer-beoordelingsbesluit met betrekking tot het omschakelen van melkveehouderij (475 melkvee) naar geitenhouderij (2840 geiten)

**Vragen**

1. Hat it Kolleezje kennis nommen fan it berjocht yn de Ljouwerter Krante (13 maart) dat it beslút fan kolleezje fan gemeente Ljouwert dat in miljeu-effektrapportazje net nedich is foar it omskeakeljen fan 475 kij nei 2840 geiten foar boer Boonstra yn Reduzum ûnder de ynwenners fan it doarp Reduzum foar ûnrêst soarget?
2. Troch de situaasje (fanwegen corona-maatregels) hat der oant no ta gjin ynformaasje- of ynsprekgearkomste plakfine kinnen dêr't minsken (omwenjenden) harren fragen stelle kinne oer it inisjatyf foar in geitehâlderij. Is it Kolleezje fan B&W, mei it each op de ûntstiene ûnrêst yn it doarp, ree om te befoarderjen dat der yn alle gefallen op koarte termyn in digitale sessy organisearre wurde kin?
3. Kin it Kolleezje ek taljochtsje werom yn it miljeu-effektrapportazje oangeande it inisjatyf foar de geitehâlderij stelt dat der "momenteel geen concreet toepasbaar objectief toetsingskader bestaat en geen algemeen aanvaarde wetenschappelijke inzichten zijn om aan te toetsen" en derop dan beslút dat "de wijziging van de inrichting naar een geitenhouderij geen extra risico's voor de volksgezondheid" met zich meebrengt wilens ûndersyk noch geande is.
4. Ut in earder VGO3 ûndersyk (onderzoek veehouderij en gezondheid omwonenden) docht

**Antwoorden**

1. Ja, it kolleezje hat kennis nommen fan it berjocht yn de LC.
2. De normale prosedueres wurde folge. Der is in oanfraach omjouwingsfergunning oanfrege. Dit is allinnich it formulier wêr't op stiet dat de tekeningen en oare bylagen letter folgje. Ynhâdelik is de oanfraach dus noch net bekend. Dêrom is der no noch gjin oanlieding ta it organisearjen fan digitale gearkomsten. Boppedat is it oan de oanfrager om syn buorlju te ynformearjen. Buorlju is yn it gefal fan in bedriuw dat ynfoed hat op in grutter gebied, in rom begrip.
3. Troch de FUMO is oardield dat der yn it kader fan de Mer-beoordieling gjin risiko's binne foar de sûnens dy't it rjochtfeardigje om in Mer útfiere te moatten. Oerienkomstich it advys fan de FUMO hawwe wy it mer-beoordelingsbeslút naam, as tarieding op de oanfraach omjouwingsfergunning. By de konkrete oanfraach omjouwingsfergunning, wurdt in definitive beoardieling makke fan de risiko's foar de sûnens fan de omjouwing. Hjirby wurdt it advys fan it RIVM oanhâlden en sil der op in lytsere ôfstân as 2 km fan wenningen gjin fergrutting ferliend wurde.
4. By de toetsing fan de yntsjinne oanfraach, wurde alle aspekten meinaam, ek de sûnens fan omwenjenden. De oanbefeling fan it RIVM is

bliken dat minsken dy binnen twa kilometer ôfstân wenje fan in geitehâlderij gemiddeld 25% hegere kâns hawwe op longontstekking dan minsken dy't fierder fuort wenje. GGD en RIVM sizze derby ek dat bewenning yn in straal fan 1,5 kilometer by geitehâlderijen net winsklik is. Is it Kolleezje ree om de GGD Fryslân of in oare ynstânsje dy't dat beoardiele kin te freegjen oft in geitehâlderij op dat plak by it doarp Reduzum út sûnens eachpunt op dit momint ferstannich is?

5. Ofrûne wike wie yn it nijs dat it ferfolchûndersyk nei de mooglike gearhing tusken geiten en en longûntstekking troch de korona-maatregels fertrage is. De resultaten komme no pas ein 2024, skriuwe minister Carola Schouten (lânbou) en Tamara van Ark (Medyske soarch). Watfoar konsekwinsjes lûke B&W út dit nijs, yn ferbân mei it 'voorzorgsprincipe' foar de folkssûnens?
6. Boer Boonstra yn Reduzum sels jout oan ek gebrûk te meitsje sillen fan saneamde 'luchtwassers' dy de loft út de stal skjûn meitsje moat.1 Dit soe de bêst mooglik beskikber technyk wêze om de mooglike sûnensrisiko's te beheinen. Kin it Kolleezje by fierdere beslútfoarming oangeande geitehâlderijen los fan it foarsoarch prinsipe hjirby ek sjen nei de betrouberheid fan saneamde 'luchtwassers' dy't der foar soargje moatte dat der sa min mooglik negatyf effekt is fan in geitehâlderij foar de sûnens fan omwenners? Dit mei it each op ûndersyk wêr út bliken docht dat dit hielendal net betrouber is.

liedend. Dat betsjut dat binnen 2 km fan wenningen gjin nije geitehâlderij tastien wurde sil.

5. By in oanfraach omjouwingsfergunning, wurdt de oanbefeling fan it RIVM folge.
6. De eisen dy't steld wurde oan 'luchtwassers' binne opnaam yn it 'Activiteitenbesluit' en hawwe dêrmei in rjochtstreekse wurking. De útfierings- en gebrûkseasken stean yn de systeembeskriuwing. It 'Ministerie van Infrastructuur en Milieu' ferbetteret en past stalbeskriuwingen geregeld oan. Nei oanlieding fan it ûndersyk nei it funksjonearjen fan 'luchtwassers' binne de 'emissiefactoren' foar de 'luchtwassers', dy't yn dit ûndersyk minder goed blykten te funksjonearjen, nei ûnderen bysteld. Troch de FUMO sil by dit bedriuw tafersjoch hâlden wurde op de effektive wurking fan de 'luchtwasser', oan de hân fan de foarskriften dy't jilde op grûn fan it 'Activiteitenbesluit'.

Leeuwarden, 20 april 2021,

burgemeester en wethouders van Leeuwarden,

Blad 3

burgemeester.

secretaris.

*\*Dit document is rechtsgeldig digitaal ondertekend.*